

Dorpscanon van Folsgeare

Het reidpôltsje oan de Tsjaerddyk (nummer 24 en 22)



© Foto archyf eardere gemeente Wymbritseradiel

It reidpôltsje oan'e Tsjaerddyk (nûmer 24 en 22)

De tsjerke fan Folsgeare hie al iuwenlang in 'reidpôltsje' (stikje grûn, begroeid mei reid en mei reid der omhinne), kadastraal nrs. 740 en 741, oan'e Tsjaerddyk. Hoe't de tsjerke it yn besit krigen hat, is net bekend. Nei alle gedachten is it al foar de reformaasje yn 1580 skonken oan'e tsjerke.


Yn dy tiid wie it net ûngewoan om in stik lân te skinken oan'e tsjerke. Yn ruil dêrfoar waard der foar it sieleheil fan'e ferstoarne bidden. Neffens it tsjerke-argyf wurdt it 'pôltsje' al sûnt 1685 jierliks foar in skaplike priis ferhierd.

Lykwols, yn it jier 1875 steane de saken der hiel oars foar. De tsjerkfâden binne warber op syk nei finânsjes om de bou fan'e nije tsjerke bekostigje te kinnen.

Dorpscanon van Folsgeare

Het reidpôltsje aan de Tsjaerddyk (nummer 24 en 22)

Se beslute it 'pôltsje' te ferkeapjen. In soad sil it net opleverje, mar alles is meinommen no't de finansjele need heech is.



Afb. kadaster

It 'pôltsje' wurdt yn'e ferkeap dien, mar it duorret noch in jier foardat der immen yn ynteressearre is.

De broers Salomon (yn Folsgeare Sake neamd) en Sjirk Heyns, soannen fan Wilhelmus Salomon Heyns en Evertje Sikkes Goënga út Wolsum, keapje it 'pôltsje' op 23 maaie 1876 foar 75,- gûne fan'e tsjerke.

Se litte der in dûbele wenning op bouwe en heakje der in lyts stikje grûn fan'e gemeente oan ta. Salomon en syn twadde frou Anke de Jong (troud yn 1867) wenje mei harren bern op nr. 24.

Sjirk, yn 1870 troud mei Lambertje van Zanten út Nijlân en harren soan, komme te wenjen op nr. 22.

Salomon hiert tusken de dyk en de feart, njonken it hûs, in stikje grûn der by en begjint dêr in komelkerij.

Yn 1886/1887 keapet hy de stikjes grûn mei kadastrale nrs. 426, 427 en 429 dy't hy al in pear jier hierde.

Dorpscanon van Folsgeare

Het reidpôltsje aan de Tsjaerddyk (nummer 24 en 22)

As Sjirk yn 1891 beslút werom te gean nei Wolsum, keapet Salomon de helte fan Sjirk der by. Net foar eigen gebrûk, mar foar de ferhier.

Hy set in advertinsje yn'e Ljouwerter Krante:

Woning te huur met keuken, werk en turfhoek, kelder, bak enz. aan de kunstweg te Folsgeare.

Opmerking: as in besteande net-ferhurde dyk, ferhurde waard, waard de dyk in 'kunstweg' neamd (sjoch de oanbesteging yn 1863, fierderop yn'e tekst)

Hessel Nettinga út Easthim hat trouplannen en hy siket in ûnderkommen. Tegearre mei syn takomstige breid Akke Twijnstra wurdt hy de nije bewenner.

Op 9 novimber 1892 is der in beskieden feest as Salomon en Anke 25 jier troud binne. Dochter Evertje is wilens troud mei Eeltje Bootsma. Salomon en Anke genietsje fan de bernsbern, spesjaal fan it twadde, dy't nei him Sake neamd is.

Op 22 desimber 1901 ferstjert Anke de Jong op de leeftyd fan 82 jier en Salomon bliuwt achter mei syn dochter Ynskje. As Ynskje yn 1903 ek trout, sit Salomon allinne op it 'pôltsje'. Hy moat it dwaan mei syn bisten en boeken. De Steatebibel en it martelderboek binne syn favorite lektuer.

Op 18 maart 1908 bliuwt it stil yn it hûs fan Heyns. As buorman Hessel poalshichte nimt, fynt hy Salomon dea op bêd. Hy is 71 jier âld wurden.

De erfgenamten, syn bern Ynskje en Evertje, hâlde boelguod en sette de twa pannen te keap.

Yn herberch Oosterhout yn Nijlân wurdt troch notaris Johan Menno Goslings de finale feiling holden. De wenningen en de 'pôltjes' lân komme apart yn'e ferkeap.

Hessel Nettinga, dy't it pân op nr. 22 hierde, keapet **it hûs op nr. 24** mei de komelkerij en de 'pôltsjes' lân. Hy betellet der 930,- gûne foar. Boppedat keapet Hessel Nettinga yn 1912, út it erfskip fan Botje Meinderts Wijnia, widdow fan Hessel Rintjes Boschma, de stikjes healân nrs. 432, 433, en 434 der by.

Dorpscanon van Folsgeare

Het reidpôltsje aan de Tsjaerddyk (nummer 24 en 22)



Afb. kadaster

Hessel wennet der oant 1922, wêrnei't it gehiel kocht wurdt troch Jouke Boschma. Dizze ferkeapet it yn 1923 wer troch oan Jentje Freerks Abma.

Yn 1925 keapet Gerben Tjittes Bouma it pân. Yn 1927 ferkeapet hy it al wer oan Wietse Tjerks Wiersma. Wietse is de soan fan de bekende "Lytse Tsjerk" út it doarp.

Wietse Tjerks befalt it goed oan'e Tsjaerddyk en hy wennet dêr oant syn ferstjerren yn 1982. De erven Wiersma ferkeapje it pân mei de komelkerij oan de famylje Koopmans. Al by it earste yn'e kunde kommen, wiene se ferkocht. Wat in prachtich útsicht en wat in romte. Hielendal doe't de romme komelkerij by it hûs oanboud waard.



foto: archyf gemeente
Wymbritseradiel.

De wenning mei de
komelkerij foar de
ferbouwing

Dorpscanon van Folsgeare

Het reidpôltsje aan de Tsjaerddyk (nummer 24 en 22)



nr 24, situaasje 2021

foto Wytske Heida

Werom nei it pân op nr. 22.

Hessel Nettinga hat yn 1908 it hierhûs opsein en dat wurdt oankocht troch Hendrik Jans Twijnstra, dy't it dêrnei troch ferkeapet oan Jacob Wijnia. Dan komt it hûs yn besit fan Pier Cnossen út Nijlân, dy't it nei twa jier wer oan Marten Stilma ferkeapet.

Yn maaie 1922 keapet timmerfeint Thomas Stallinga út Easthim it hûs. Thomas en syn frou Durkje sille der oant 1968 ta wenje.



foto: archyf gemeente
Wymbritseradiel

Dorpscanon van Folsgeare

Het reidpôltsje aan de Tsjaerddyk (nummer 24 en 22)

Dêrnei wurdt de wenning ferkocht oan'e famylje Eeltink út Amsterdam. It wurdt no in rekreaasjewenning. De famylje makket der 25 jier yntinsyf gebrûk fan.

Yn'e jierren '90 wurdt it hûs ferkocht en komt it yn hannen fan in hannelsman.

De heit fan'e eigner wennet der koarte tiid yn, oant it trochferkocht wurdt oan Steven van der Horst. Hy is skipstimmerman fan berop en ferbout it hûs yngreven. De yntree (it klompehok) oan'e bûtenkant is û.o. troch him boud.

Nei't hy in nije baan fûn yn Roemenië is it hûs yn 2002 kocht troch Ginny Wassenaar dy't der noch altiten mei in soad nocht wennet.

foto Atse Bruin



nr 22, situaasje 2021,
foto Wytse Heida

Dorpscanon van Folsgeare

Het reidpôltsje aan de Tsjaerddyk (nummer 24 en 22)

De Tsjaerddyk wie lang in net ferhurde dyk en der kaam allinne wat lokaal ferkear oer de dyk. Op 17 maart 1863 feroaret dit lykwols. Der is dan in oanbesteging yn it gemeentehûs yn Snits. It bestek en de betingsten lizze û.o. te besjen by E.G. Couperus, winkelman yn Folsgeare, dêr't yn stiet:

Het bevloeren en begrinden van den bestaanden weg vanaf den Mac-Adam-Weg van Sneek naar Bolsward nabij Tjalhuizum, door het dorp Folsgeare, langs den Tjaerddijk, tot het dorp Nijland, hebbende eene lengte van 4010 el.

Getekend Burgemeester van Wymbritseradeel, M. Bakker.



Nei't de Tsjaerddyk befluorre is, is de ferkearsdroke noch net it neamen wurdich. Mei de opkomst fan'e auto wurdt it geandewei hieltyd drokker.

foto archyf db Folsgeare

De Tsjaerddyk is no in 60 km dyk. Yn 2017 wurdt de dyk alhiel opknapt en komme der in tal faasje remjende drompels.



foto Wytske Heida

Dorpscanon van Folsgeare

Het reidpôltsje aan de Tsjaerddyk (nummer 24 en 22)

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: archyf gemeente Wymbritseradiel, Atse Bruin, archyf db Folsgeare, Wytske Heida

Kaartsjes: kadaster

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.